

De

Trefffer



v.v. SDS



juni 2005

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 35 nûmer 9

juny 2005



Redaksje:

Aant Hofstra
Durk Okkema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Metsje Huitema

Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels
Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein
Molewâl 4, 8731 AD Wommels
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels
Tywert 4, 8731C L Wommels

tillefoan:

0515-332364
0515-333005
0515-332482
0515-331444
0515-333295

Bestjoer:

Rienk Wiersma Itingewei 4, 8735 HT Itens
Ymie Kamstra Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard
Willem Twynstra De Ljits 1, 8734 HL Easterein
Tinus Hoekstra Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein

Dukke v/d Wey Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein
Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Eddy de Boer Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein
Enne Jeh. Bruinsma De Singel 12, 8734 HR Easterein
Roel Sijbesma De Singel 17, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332400
0515-332149
0515-332570
0515-331866
06-41576819
0515-332340
0515-332245
0515-331533
0515-332013
0515-332186

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Wedstriidsekretariaat

2^e ponghâlder
Foarsitter jongerein
Lede-administraasje
PR en Reklame
Sen. / Technyske saken

Jongereinkommisje:

Jappie Wijnia De Jister 3a, 8731 EB Wommels
Tineke Vink De Singel 30a, 8734 HR Easterein
Anco Elgersma Learloaier 1, 8456 JC De Knipe
Pieter Groenveld 't Bosk 18, 8731 BL Wommels
Anne Hallema De Singel 19, 8734 HP Easterein
Syb Overal De Singel 7, 8734 HP Easterein

tillefoan:

0515-332245
0515-333134
0513-689676
0515-333927
0515-332928
0515-331830

funksje:

Foarsitter
Sekretariaat
Skriuwer
Algemien lid
Algemien lid
Algemien lid

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoallescize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiver A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein
Hans Kooistra De Singel 9, 8734 HP Easterein
Sjouke Sjoukema Hearedyk 55, 8735 HP Itens
Harm Bergsma Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein

tillefoan:

0515-332872
0515-331560
06-25547253
0515-332476

Konsul:

Pier Faber, 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje:

34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje :

Senioren fjildfuotbal:	€ 50,95	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 36,75	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 65,10	it healjier
A- en B-junioren:	€ 40,45	it healjier
C-junioren:	€ 34,10	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 27,80	it healjier
F-pupillen:	€ 24,10	it healjier

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-

Foar leden en stipers is de tagong fergees.

Stipers

Stipers fan € 12,- (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

Klup fan 50

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochtings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkommissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde prosedure as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynformaasje is te fynen op: www.vv-sds.nl


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

19 septimber

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: detreffer@vv-sds.nl



kampioen



side 7

de beste



side 34

ôfskie




side 24

Ynhâldsopjefte

<u>Fan it bestjoer</u>	4
<u>Fan de redaksje</u>	5
<u>SDS 1 kampioen</u>	6
<u>Foto's kampioensdei</u>	7
<u>SDS 3 kampioen</u>	11
<u>'t Himd fan it liif</u>	12
<u>"De laatste loodjes"</u>	13
<u>Oan it wurd</u>	14
<u>Fan de skeids</u>	15
<u>De âlde doaze</u>	16
<u>Sibe</u>	17
<u>Einstanden fjildfuotbal</u>	18
<u>Einstanden seal</u>	21
<u>Einstanden</u>	22
<u>"De moaiste finale dy't ik net sjoen ha"</u>	23
<u>Ofskie fan Wichard Deinum</u>	24
<u>Samar yn Skotlân (3)</u>	27
<u>Wedstrydferlach C1</u>	28
<u>Doelpunten 2004/2005</u>	31
<u>Eindstand SDS League 2^e helft 2004-2005</u>	33
<u>Einstân SDS League</u>	34
<u>SDS 2 nei Erica</u>	36
<u>Leaf en Leed</u>	39
<u>Wepperkes</u>	40
<u>Samar wat foto's</u>	42
<u>Agenda</u>	43

Fan it bestjoer



It is no tiisdei 23 maaie as ik de pinne yn 'e hân nim om in stik te skriuwen foar ús klupblêd.

It twadde alvetal moat sneon 28 maaie noch yn Erica spylje, wat fansels in geweldige prestaasje is, mar dan is it echt dien en kinne de fuotbalskuon yn it fet. Troch alle wedstriid wizigingen fan de lêste wiken hat it nochal drok op é lijn west, mar it moat sein wurde dat de ynset en gearwurkjen fan 'e lieder enoarm grut wie en hjirtroch koe de oergong fan fuotbalseizoen nei keatsseizoen goed ferrinne. Lieder en terreinmaster tige betanke.

Wy kinne wol sizze dat der in histoarysk seizoen efter ús leit. It earste en tredde alvetal kampioen en komme respektivelik yn é 1ste en reserve 3de klasse út, wat noch nea earder bard is. Kampioenen nochris lokwinske.

Ferline jier waard it earste alvetal yn in beslissingswedstryd tsjin Be Quick Dokkum kampioen; ik ha doe sein: "Wy sille kommand seizoen wolris op'e bek gean, mar wy dogge wer mei foar de boppeste plakjes", mar dat wy kampioen wurde soene hie ik net tocht. Nei myn betinken is dit foaral te tankjen oan de brede seleksje, in goede miks fan jong en

âldere jonges en in groep dy't technysk en taktysk genôch bagaazje yn hûs hat en wêr ynset en mentale fearkrêft folop oanwêzich is.

At der kommand seizoen wer mei in protte plezier út in sletten ferdigening mar a.u.b. mei de druk nei foaren fuotballe wurdt en de spilers wat mear frijheid krije dan no it gefal wie, bin ik der fan oertsjûge dat wy yn 'e earste klasse yn é middenmoat meidraaie kinne. Troch dat wy it ôfrûne seizoen net gebrûk meitsje koene fan it oefenfjild efter de sporthal, moast der hjir en dêr noch al wat ymprovisearre wurde. Lokkich koene wy it sportfjild yn Wommels hierre en mei ferriende krêften waard der in needferljochting oankocht, sadat der dochs wer trind wurde koe. In wurd fan tank is wol op syn plak oan de Stifting Skoalleseize dy dit allegear foarmekoar makke hat. Sa as gebrûkmoat der faak foar de winterstop ûnderhannelde wurde oer de kontraktferlinging fan de trainers. Sa't jimme witte is dat net slagge mei ús haadtrainer. It bestjoer en trainer koene it net iens wurde oer bepaalde technyske saken, wy ha dan ek yn goed oerlis besletten om it kontrakt net te ferlingjen, want it is ek altyd noch sa dat it bestjoer ferantwurdlik is foar it gean en stean fan de hiele ferriening dus net allinne foar de A-seleksje. Sportfreonen foardat ik de pinne del lis, wil ik as wedstriid sekretaris it jongerein bestjoer mei alle trainers en lieder tige tank sizze foar harren ynset en gearwurking. Minsken allegear in noflike simmer tawinske en hopenlik oant kommand seizoen.

Tinus Hoekstra

Fan de redaksje

9 Treffers hawwe wy dit jier wer makke. Mei-elkoar sa'n lytse 400 siden lêskark foar jim. Wy binne bliid dat in protte siden ynlevere binne troch de leden. Der binne gelokkich in oantal fêste skriuwers dy't er foar soargje dat wy net alles hoege fol te skriuwen. Wat hie it no moai west dat yn dit lêste nummer fan alle alvetallen /sântallen in stikje stien stie. In koarte ympresje fan it seizoen wat wy dan oanfolle kinne mei in foto. Eilaas dat is net sa. Miskien dat wy dat takom jier mar ynfiere. Sa soenen wy

dan in prachtige Treffer krije kinne dy't brûkt wurde kin as jieroersjoch.

It is net sa dat dizze Treffer neat te bieden hat. Fansels binne der no ek wer fêste rubriken, útslaggen, skores, standen en trefferkes. Dit is de lêste Treffer fan dit seizoen. Hawwe jim noch wat te melden oer dit seizoen dan pleatse wy dat fansels op www.vv-sds.nl. Jim kinne ek de hiele simmer telâne op ús side foar nijs. En hawwe jim wat melden, doch dat dan by de redaksje. Mids augustus komt it bewarnummer út. Mei alle ynformaasje oer it seizoen 2005/2006 mei fansels de alvetalyndielingen. In goeie fakânsje tawinske. (ah)



SDS wint de wichtige wedstryd fan QVC troch in prachtich doelpunt. Henk Bootsma lei de skore fêst op in moaie foto. Hendrik de Jong komt fan links ôf, omspilet de doelman en set de bal foar op Robert Sijbesma dy't beheard de 1-0 oantekent.

SDS 1 kampioen



Dit wie it byld yn de Pein neidat SDS 1 de wedstryd tsjin ONT mei 0-3 wûn. Troch doelpunten fan Hendrik de Jong en Robert Sijbesma makke SDS de klus ôf. In prachtige reeks wedstriden yn april en maaie soarge der foar dat SDS 3 punten foar bleau op Broekster Boys.

In oerwinning tsjin ONT, Kootstertille en QVC thús, in oerwinning tsjin Zeerobben út en in gelykspul tsjin Broekster Boys levere genôch punten op.

SDS is der yn slagge om nei 1 jier 2^{de} klasse troch te streamen nei de 1^{ste} klasse en is dêr sels it meast ferbaasd oer.

Mei de nije trainer Lyckle Bleekveld waard oan it begjin fan it seizoen in goeie ploech delsetten. Fuotbalje koene se wol, mar der moast neffens Bleekveld wat mear systeem yn komme. In beruchte zonesysteem waard oanleard en dat wie in prima set sa die no bliken. Want neidat Bleekveld syn nocht hie fan SDS, naam Klaas Dijkstra it muoiteleas oer, want de ploech stie goed sa't men sei. Dochs die Klaas Dijkstra in oantal yngrepen dy't fan grut belang west ha foar it úteinlike resultaat. Hy brocht wer wille en ûntspanning op de training en die yn de ploech in pear oanpassingen dy't resultaat opleveren. Wichtichste punt wie wol dat Gert Jan Hiemstra mear nei foaren fuotbalje mocht en dêrmei de foarhoede gefaarlik makke.

SDS giet takom Grins, Drinte en de polder yn en dat is it selde as Heerenveen Europa yn giet. Wy winskje se allêst in protte sukses.

Foto's kampioensdei

Op ddizze en de folgende siden hawwe wy wat foto's pleatst fan de heuglike dei. Foto's binne fan Henk Bootsma, Jan de Jong, Meinte Wessselius en Aant Hofstra.

Gert Jan Hiemstra gie de duels goed oan yn de Pein. Mark Postma sjocht ta



In protte supporters út de greidhoeke wiene nei de wedstryd ONT-SDS kaam.



Wichard Deinum fierde syn eigen feestje oan syn eigen rjochter- kant .
In karriere sa ôfslúte wie syn dream



It duo Brouwer en
Dijkstra flikten it dan
dochs mar: kampioen
wurde fan de 2^{de} klasse



Sjampanje foar de helden fan SDS
1

Dolle freugde nei it lêste fluitsinjaal. Sjoch nei dizze prachtige foto, wêryn Remco Brouwer syn sprongkrêft noch efkes sjen liet.



Gert Jan Hiemstra
krige as oanfierder
de kampioen
Skaal fan in KNVB
fertsjintwurdiger



Op de wein troch Easterein op
wei nei de kantine



Wêr't foarsitter Rienk Wiersma
en briefkesfêsthâlder Ype
Tiemersma al klear stiene



Fansels waard de ploech en
technyske stêf lokwinske en
waard dochs ek tank út
brocht oan de eardere trainer
Lyckle Bleekveld

Kin it moaier?
Fleurige minsken, de in
fryske flagge en de toer
fan Easterein



SDS 3 kampioen

It is 9 oere op tiisdeitejûn 17 maaie en dan komt it prachtige berjocht binnen dat SDS 3 (sûnder te spyljen) kampioen wurden is. De lêste konkurrint Workum 3 hat gelyk spile tsjin ONS. Workum 3 kin no net mear lâns side komme. SDS 3 siet oan 't it lêst ta yn spanning. Neidat ONS 3 krekt foar tiid in strafskop fersulvere en sa de lykmakker(2-2) makke koe de flagge út yn Easterein.

De lêste wedstryd tsjin Rood Geel is net mear fan belang mar wurdt noch wol wûn. SDS 3 nei de reserve tredde klasse, dat wie al jierren it doel om it ferskil tusken SDS 2 en SDS 3 net te grut te krijen.

Kampioensfoto fan SDS 3



Pieter, Sjoerd, Jan, Anco, Obed, Syb, Arnold, Auke, Jentje, Jeroen en Friso
Wouter(meï dochter), Ronny, Jappie, Liuwe, Hampie en Douwe.

't Himd fan it liif



Ik bin Lysbeth Bergsma en hear by Feite de Haan. (S.D.S1)
Wy wenje tegearre op de Foarbuorren yn Easterein.

Hoe fynsto it dat dyn freon fuotballet?

-Ik fyn it moai dat Feite sportyf is, mar hij moat it wol as hobby hâlde. Feite wol it leafst oeral oan mei dwaan en dat kin net altyd. Dat is ek yn ferbân my syn learen.

Moatte jimme ek wat spesjaals ite op sneon?

-Jascker, spagetty en gjin makaroany!! Meastal makket hy it sels, mar wannear it in spannende wedstriid is, slagget dit wolris net dan giet Feite nei heit en mem.

Binne der fierders ek feste rituelen foar de wedstriid?

-Feite hat net echt feste dingen mar, hy giet elke sneon om bôle by Lolke Bouma (slachter).

Op freed te jûn drinkt hy in bierke ,
Mar as it foutballen dien is giet
Feite wol ris my Robert de kroech yn en
drinke se der in pear mear .
Mar mei it keatsen binne sy sels
trainers!!!

Fielsto ek wat fan de wedstriid- spanning fan Feite?

-No net folle, it is wol sa dat hy
dan wat faker fertelt dat der in
spannende wedstriid is .
Op sneon bin ik oan it wurk en dat
is dan miskien ek wol better.

Komst ek te sjen by de wedstriden En sa ja, komst dan foar it fuotbal as foar syn sportive lichaam?

-De leste twa kear bin ik west te sjen .
Dat kaam ek omdat ik yn de treffer
komme soe.
Fierder bin ik oan it wurk en folleybal ik
sels.

Wat fynsto Feite syn moaiste fuotbalmomint?

-Dat wie de midwintercup yn it FEC.
Dat wy echt spontaan en gesellich.

Wat docht hy mei syn fuotbal tas nei de wedstriid?

-Feite is hiel netsjes.
Der hoe ik neat oan te dwaan.

Seks foar de wedstriid???

-No op sneontemoarn moat ik betiid
wurkje.
Dan sjogge wy op sneon te jûn wol wer
fjirder.

Wat wolst do noch kwyt?

-Ik bin der wol net faak te sjen, mar
bin wol in sporter achter de skermen.
(MH)

“De laatste loodjes”

As skiedend lieder fan SDS 5 wie de moanne maaie in desyllúzje: wêr't it 1^{ste} kampioen waard, it 2^{de} by de lêste fjouwer út de beker kaam, it 3^{de} kampioen waard, it 4^{de} sich steande hold yn de 5^{de} klasse. Wy binne de heamoanne troch rolle mei 22 goals tsjin en 6 foar, mar wy binne oer ús teloarstelling hinne en felisitearje alle teams mei harren sukses. Nei 2 jier leiderjen geane je de saak wol efkes relativearje. Doe't ik der yn stapte tegearre mei Bas van der Wey makken wy dúdlike ôfspraken. Bas die de opstelling en ik de oare omballingen. Nei in pear wiken gong dit ferfelen en kaam ik ta it beslút: Bas die al it moaie wurk, dat moast oars. Ik ha Bert Rienstra fan é buert ôf negere en Bas kocht Bert syn hûs. Sa wie Bas de kommende tiid wol ûnder de pannen en mocht ik de kommende tiid de opstelling meitsje. Neffens ús sponser Plantinga wie it de beste perioade! Doe't Bas wer werom kaam easke hy fuort de opstellingmakkerij werom en ik moast wer wat oars útfine.

Ik tink dy Eringa moat mar ris fan é goal ôf, dan stean ik er teminste alle wiken yn. It duorre efkes mar ek dat haw ik oprêden. Nei ien seizoen yn 'e goal kaam Pieter Groenveld by mij. Hy hie lêste fan é knibbels en it fuotbaljen waard him te dreech. Ik wie wer oer. Nei wat prakkesaasjes wie der noch ien funksje dy't nimmen dwaan woe, dêr wie ik de lêste twa jier wol efter kommen. Ik nei

Balk, om it fluitsjen te learen. Twa tanken diesel kwyt, mar ik hie myn diploma en mocht sertifisearde fluitsje. Sa waard myn funksje binnen it 5^{de} dúdlik. De arsenaal Bas die de opstelling, Pieter de goal en ik de fluit.

No jonges, ik ha in moaie twa jier efter de rêch. Ik wol de spilers, de waskfroulju en de ferienigingsminskten bedanke en wol eltsenien ek út namme fan Bas in moaie simmer tawinskje. Wy hoopje no op twa fette jierren foar



it 5^{de}.

Oh ja, jonges fan it 5^{de}, tige tank foar it moaie skiedsrjochtersjurt, wat ik fan jimme krigen haw, ik hoopje it mei in soad wille te dragen.

As lêste wol ik fan de gelegenheid gebrûk meitsje om Piet te lokwinskjen. Piet en Hilda, lokwinske mei jimme jonkje Gjelt. Wy hoopje dat alles goed is mei mem, soan en boppeal mei heit. (wy



wurde nochal ris fergotten wit ik út erfaring!) Groetnis en oan't sjen Evert

Evert noch “aktyf” as fuotballer

Oan it wurd

Kees Adema (20)

SDS1 hat in wat frjemd, mar tige suksesfol seizoen efter de rêch. Mar ek as it seizoen foarby is, barde der noch wolris opmerklike saken omtrint san ploech. Sa as mei Kees Adema, de debutant en feste linksback fan SDS 1. Hy hâldt der foarlopich mei op. Reden genôch foar in petear.

'Ik bin begûn yn de E2 mei mannen as Henk Postma en Arnold Hoekstra. Eins ha ik altyd op myn favorite posysje as leste man fuotballe, útsein die kear dat ik linksfoar balje moast.

Yn de C1 waarden we kampioen mei Klaas de Haan as trainer, hy stiet my by om syn neidruk op dissipline. Letter kaam ik in jier earder as gebrûklik by de A1. Skelte en ik waarden troch Rein v/d Woude by de seleksje helle. It ferhaal fan de A1 yn die tiid is bekind. We wiene allegearre freonen fan elkoar en der runen in protte goede fuotballers om. Nei de promoasje nei de haadklasse waarden we daliks 2e, dat wiene moaie jierren. Rein wie in goede trainer, joech my fertrouwen. Ek oan Robert (dy't nei Rein de A1 traint hat) ha ik in soad hand'.

En dan de foet stikken...(we koene it oan de kant dúdlik hearre)

'It wie yn april 2003, thús tsjin LAC Frisia, it skeenbeen stikken. Mar it wie in 'moaie breuk' dat hy koe daliks yn it gips. Wat de revalidaasje betref ha ik in oantal kearen by Anne – harm west, mar it leafst gie ik foar mysels te draven, dat help ek wol. Yn de winterstop fan it seizoen 2003 - 2004 bin ik wer begûn te trainen en yn maart koe ik wer balje by de A1.'

En dan is der SDS1 en in basisplak.

'Ik kaam foar it seizoen by de A seleksje en tocht dat ik by it twadde komme soe, om't op myn plakje as leste man in protte konkurrinsje wie. Mar Bleekveld woe in linksboat op de linksback en doe kaam er by my.

It is in memorabel en soms wat raar seizoen west, mei fansels in moai ein!'

Do hingest de skuon yn de wylgen, werom?

'Ik ha der in skoft oer nei tocht, mar ik ha besluten om foar no te stopjen mei it fuotbal. It hinne en wer reizgjen tusken myn wenplak Grins en Wommels / Easterein kostet te folle tiid. Dit hat as gefolch dat ik mar 1 kear yn'e wike train en dat is wer de oarsaak dat ik der foar mysels net genôch út helje. Ik kin better as no en dat stekt. Ik kin my foarstelle dat dit foar guon minsken as ferrassing komt, mar it is net oars. Ik sil fest wolris werom komme by SDS.'

# Blond as brún?	Blond
# Keunst as echt gers?	Echt gers
# It Fean as Cambuur	Ajax
# Europeeske grûnwet	Ja

Kees syn SDS super alve:

Remco / Marten (beide 1 helte)

Samme Tsjoard Br./Floris Tsjoard H.

Mark Gert – Jan Harm
Tjipke

Dirk – Yde / Hendrik

Wiksels:

Jacob – Klaas

Henk

Trainer: Robert Hoekstra

(svb)

Fan de skeids

Normen en waarden.

Als we terug kijken op het laatste kwartaal van dit voetbalseizoen dan is er weer van alles gebeurd op en rondom de velden. Zowel in internationaal, het betaalde als in het amateur voetbal.

Respect voor elkaar is ver te zoeken en dit overschaduwde het voetbal.

Je kunt je afvragen wat is er aan de hand in het 'voetballand'. De afgelopen tijd zijn we meerdere keren opgeschrikt door vele uiteenlopende voetbalzaken.

Waardoor komt het dat we geen respect meer voor elkaar hebben. Dat we met elkaar al rolle bolland over het voetbalveld gaan. Heeft het te maken met normen en waarden. Willen we altijd maar het gelijk aan onze zijde hebben?

Kunnen we elkaar niet meer verdragen? Soms denk ik wel eens voorheen was een partijtje voetbal ontspanning maar tegenwoordig is de stress bij zoveel mensen aanwezig dat dit er uit komt op het moment dat we even (voor ontspanning) sporten. Mensen die zich niet kunnen beheersen. Ik noem een aantal zaken in willekeurige volgorde.

* Quick Boys – Capelle (hfdklas zat.) supporters van de thuisploeg gooien bananen op het veld omdat de scheidsrechter een donkere huidskleur heeft. Terecht dat hij zo moedig is om de wedstrijd te staken en dat de thuisploeg gestraft wordt. Deze vereniging maakte het vorig jaar ook zo bont in de Harkema in de nacompetitie.

* De trainer van Chelsea, Mourinho liet zich zeer negatief uit over zijn collega Rijkaard in de Europacup wedstrijd Barcelona – Chelsea. Terechte schorsing van 2 wedstrijden met een boete van 200.000,-

* Supportersrellen Feyenoord - Ajax waar miljoenen schade is aangericht op stations.

* Inter – AC Milaan vanwege vuurwerk gooien door supporters van de thuisploeg, waarbij de doelman Dido geblesseerd raakte.

* Feyenoord – Sporting Lissabon. Het gooien van allerlei voorwerpen en ook weer vuurwerk. Gevolg 2 keer tijdelijk staken met een dikke boete als gevolg.

* En blijven we dicht bij huis een speler van WPB in de wedstrijd WPB – SDS dat hij de scheidsrechter onheus bejegende. Rood krijgt na afloop terwijl ze met 2-0 hadden gewonnen!

* En nog dicht bij huis Noordscheschut 2 – SDS 2 met 3 rode kaarten aan SDS zijde!

Ik zou nog wel verder kunnen gaan om deze trieste balans uit te breiden. Ik vraag mij wel eens af wat willen de supporters, spelers en trainers er mee bereiken. Kunnen we niet normaal met elkaar omgaan. Immers dan pas blijft het voetbal leuk en ontspannend voor iedereen.

Op velerlei gebied zijn de belangen te groot door media, sponsors (Harkemase Boys?), etc. We moeten weer terug naar het aanvallend voetbal en respect voor elkaar hebben want anders verliest het voetbal in aanzien.

Tot september. Douwe Reitsma

De âlde doaze

Al moai wat jierren lyn spile der twa twillingsbroers yn it 1^{ste} fan SDS. Durk en Fedde Ypma wiene net út de earste 11 wei te tinken. By de wedstryd tsjin ONT yn de Pein wiene ek sy tsjûge fan it kampioenskip. Jan de Jong (in generaasjegenoot!?) lei dit plaatsje fêst.



Fan Willem Agema út Mantgum krigen wy ek wat aardige foto's en artikels, wêrfoar ús hertlike tank. Om te begjinnen mar efkes in foto fan augustus 1955. Wy hawwe gjin idee wa't it allegear binne Op Meinte Sixma nei), mar mooglik kin de lêzers ús helpe. De oare foto's en artikels steane allegear op www.vv-sds.nl



Sibe



No, dêr sitte wy dan mei de bakte parren. Sa'n bestjoer at se by SDS hawwe, dêr hawwe je wat oan.

Oan it begjin helje se in trainer dy't giet foar lyfsbehâld. In prima doelstelling want werom nei de tredde klasse dat griist ús dochs oan. Tink oan de koarte reizen nei Wytmarsum, Boalsert en wierskynlik Nijlân.

Om net it risiko te rinnen om wol te promovearen kaam dy trainer mei in nij systeem en de ferwachting wie dat dizze groep minstens twa jier nedich hat om dat in bytsje ûnder de knibbels te krijen. Mar op ien of oare wize slagge it de groep om it al frij gau goed op te pakken. It kin hast net oars wêze dan dat dy studentsjes fan de A-seleksje mei harren nivo de âldsjes der goed by lutsen hawwe.

It gie sels sa goed dat efkes drige dat yn novimber al in perioadetitel binnen helle wurde soe. De trainer fan doe woe wurd hâlde en liet de ploech in pear kear wat efterút fuotbalje (oer de middenline komme wie doe ferbean) en sa gie de 1^{ste} perioade nei it Fean. Probleem wie fansels wol hoe it dêrnei fierder moast. De trainer seach wol yn dat hy fluitsjend kampioen wurde soe at hy sa no en dan de rem der net efkes opsmiet. Mar ek dat levere noch altiten net in delgong op. Oare ploegen lieten it sitte en der siet mar ien ding op foar de trainer: opstappe, want mei in doelstelling fan liifsbehâld notabene kampioen wurde, dat soe net goed wêze foar it CV.

It wie foar syn opfolger fansels in makkie. De robots fan SDS 1 fierden harren zoneprogramma noch altiten sa út sa't it leard wie, want it wie ommers programmeard foar 22 wedstriden.

Wa't se ek foar de groep setten hiene(sels mei in seefûgel wie it slagge) dizze groep koe allinne mar kampioen wurde. Dat se Klaas hellen dat haw ik ferline kear al útlein.

En it bestjoer: dy liet it mar moai gewurde en no sitte wy de problemen. Net in attraktive neikompetysje, wêr't ponghâlders spontane lachbuien fan krije, yn ien kear nei de 1^{ste} klasse. Sa roppe je mar moai de problemen oer je sels ôf. Want no moat SDS him presintearre yn de 1^{ste} klasse., wêr klups yn sitte dy't al efkes fierder binne yn de ûntwikkeling. Ik tink dat er sa gau as mooglik in tribune komme moat foar it folk út Dronten, Emmeloord en Stadskanaal. En fansels kinne wy no net mear om in sponsorgroep (net yn dy't oer spilers giet mar oer reklame) hinne, dy't de publisiteit fan SDS útbuit. In dûbele rige buorden sil der komme en it slimste sil wêze dat it oars moat mei de taal. Dy earne stakkers út Holwierde en Hollandseveld fleane earst nei Texel ta foardat se yn de gaten hawwe dat it net mear Oosterend is mar Easterein.

Bestjoersleden sille op in kursus Drints en Grönings moatte om dochs noch wat te begripen fan it gewouwel yn de rêst en nei de wedstryd.

Nee, mannen fan it bestjoer: jim hawwe jim sels mar aardich te pakken.

Dêrom in goeie rie: lit dy nije trainer net trochgean mei dit systeem, want at de programmearing noch goed is dan steane sy in jier letter tsjin Harkemase Boys te fuotbaljen. En dat kin ús bierpomp en kuolkast noch lang net oan.

Einstanden fjildfuotbal

SDS 1 - 2e Klasse K

1 SDS 1	22	42	40 -	18
2 Broekster Boys 1	22	39	38 -	25
3 QVC 1	22	37	37 -	28
4 ONT 1	22	34	47-	34
5 Blauw Wit '34 1	22	34	30 -	26
6 Zeerobben 1	22	31	42 -	40
7 Fean'58 1	22	29	31 -	33
8 Friese Boys 1	22	28	36 -	40
9 Waterpoort Boys 1	22	28	35 -	41
10 Nijland 1	22	28	37 -	45
11 Hardegarijp 1	22	26	29 -	38
12 Kootstertille SC 1	22	10	20 -	54

SDS 2 - res.1e Klasse

1 Urk 3	22	49	62 -	28
2 Weide De 2	22	40	49 -	29
3 Noordscheschut 2	22	40	50 -	35
4 Olympia'28 2	22	39	56 -	45
5 HZVV 2	22	33	53-	45
6 Genemuiden SC 3	22	31	36 -	56
7 Olde Veste'54 d 2	22	28	47 -	49
8 SDS 2	22	26	32 -	40
9 Heerenveense Boys 2	22	24	33 -	37
10 Zeerobben 2	22	23	45 -	59
11 Drachtster Boys 3	22	18	30 -	48
12 Leeuwarder Zwaluwen 2	22	15	29 -	51

SDS 3 - 4e Klasse

1 SDS 3	20	51	67 -	17
2 Workum 3	18	43	64 -	28
3 Mulier 2	20	41	67 -	26
4 Zeerobben 3	20	32	57 -	74
5 ONS Sneek 3	18	23	47 -	47
6 Rood Geel 2	20	23	43 -	51
7 Blauw Wit '34 5	19	20	36 -	55
8 Leeuwarder Zwaluwen 7	18	19	37 -	51
9 Flamingo SC 2	20	18	42 -	63
10 Franeker SC 4	18	17	35 -	63
11 Bolswardia 3	19	17	37 -	57

SDS 4 - 5e Klasse

1 Blauw Wit '34 7	21	57	112 -	37
2 CAB 1	21	44	83 -	49
3 SDS 4	21	39	59 -	42
4 SSS'68 2	22	39	74 -	53
5 Berlikum SC 3	21	37	88-	54
6 Makkum 3	21	28	56-	52
7 Wykels Hallum 3	21	26	56 -	63
8 Stormvogels'64 1	21	25	56 -	64
9 Leeuwarder Zwaluwen 10	21	22	51 -	58
10 Lions'66 3	20	18	56 -	89
11 Beetgum 2	22	18	46 -	93
11 Zeerobben 4	22	9	33 -	116

SDS 5 - 6e Klasse

1 NOK 4	22	51	91 -	33
2 NOK 3	22	41	72 -	47
3 Franeker SC 6	22	39	68-	56
4 Bolswardia 4	22	38	63-	43
5 Balk 4	22	36	70 -	45
6 RES 1	21	34	72 -	60
7 Oeverzwaluwen 4	22	32	69 -	70
8 Walde De 3	22	26	37 -	48
9 SDS 5	22	24	55 -	80
10 Waterpoort Boys 3	22	23	54 -	83
11 Mulier 4	21	15	45 -	87
11 TOP'63 3	22	13	37 -	81

SDS A1 - 1ste klasse

1 Franeker SC A1	21	54	109 -	26
2 Leeuwarder Zwaluwen A1	22	47	76 -	31
3 Stiens A1	22	42	77 -	39
4 GAVC A1	22	40	53 -	41
5 CSL A1	22	37	53 -	45
6 JV Bolsward A1	21	28	37 -	41
7 SDS A1	22	28	44 -	60
8 Makkum A1	22	25	38 -	38
9 Annaparochie St. A1	22	25	56 -	65
10 Mulier A1	22	15	33 -	83
11 RES A1	22	15	29 -	112
12 Dronrijp A1	22	14	30 -	54

SDS B1 - 1e Klasse G

1 JV Bolsward B1	22	66	141 -	25
2 SDS B1	22	56	100 -	29
3 Heerenveen B2	21	39	76 -	53
4 Balk B1	22	31	71 -	79
5 Renado/VV1 B1	22	30	62 -	63
6 Sneek B1	22	29	62 -	67
7 WZS B1	22	29	60 -	77
8 CVVO B1	21	21	52 -	87
9 Urk B2	22	21	56 -	70
10 Joure SC B2	22	21	46 -	68
11 Gorredijk B1	22	19	41 -	100
12 GAVC B1	22	14	33 -	82

SDS B2 - 2e Klasse

1 JV Bolsward B2	15	42	86 -	11
2 LSC 1890 B2	15	38	60 -	18
3 ONSTOP63 B2	16	28	41 -	28
4 JVC Nylan 2000 B2	16	27	43 -	28
5 SDS B2	16	26	53 -	33
6 Zeerobben B2	16	24	42 -	71
7 Franeker SC B2	16	11	25 -	59
8 Dronrijp B2	16	8	33 -	78
9 Nijland B2	16	3	11 -	68

SDS C1 - 2e Klasse I

1 Oeverzwaluwen C1	21	59	116 -	13
2 Workum C1	20	54	82 -	13
3 WZS C1	21	40	77 -	47
4 Harlingen C1	21	35	64 -	46
5 Makkum C1	20	33	57 -	33
6 SDS C1	21	30	67 -	58
7 Scharnegoutum'70 C1	22	29	42 -	52
8 LSC 1890 C2	22	24	42 -	62
9 JVC C1	22	19	39 -	74
10 Zeerobben C2	22	19	38 -	103
11 Akkrum C1	22	16	22 -	68
12 RES C1	22	13	46 -	123

SDS C2 - 3e Klasse

1 Urk C4	20	54	170 -	50
2 ONSTOP63 C3	20	53	110 -	19
3 Heerenveense Boys C3	20	47	125 -	53
4 Makkum C2	20	33	65 -	60
5 Joure SC C4	20	28	69 -	79
6 SDS C2	20	25	63 -	65
7 JV Bolsward C2	20	23	40 -	69
8 Franeker SC C3	19	21	42 -	75
9 GAVC C2	19	18	49 -	69
10 CVVO C3	20	11	39 -	123
11 Workum C2	20	4	16 -	126

SDS C3 -4de klasse

1 Be Quick D C2	19	55	183 -	12
2 BCV C2	19	52	126 -	13
3 Veenwouden SC C2	20	40	114 -	46
4 Zwaagwesteinde C2	20	33	76 -	52
5 JVC Nylan 2000 C2	19	28	104 -	80
6 Leeuwarder Zwaluwen C2	19	25	64 -	89
7 Kollum C2	20	25	68 -	76
8 SDS C3	20	22	52 -	78
9 Rood Geel C4	20	18	69 -	166
10 Frisia C4	20	9	46 -	125
11 Foarut C3	20	9	37 -	202

SDS F5 - 5de klasse

1 LSC 1890 F6	8	19	38 -	9
2 Sneek F7	8	11	15 -	20
3 Waterpoort Boys F1	8	10	12 -	17
4 SDS F5	8	9	29 -	35
5 WZS F3	8	9	15 -	28
1 LSC 1890 F6	8	19	38 -	9

SDS D1 - 2e Klasse

1 Workum D1	9	25	34 -	10
2IJVC D1	9	14	19 -	18
3JV Bolsward D1	9	12	17 -	13
4QVC D1	9	12	19 -	18
5SDS D1	9	10	13-	24
6Scharnegoutum'70 D1	9	3	13-	32

SDS D2 - 3e Klasse

1 Walde De D1	10	28	77 -	12
2Zeerobben D3	10	24	66 -	17
3Mulier D1	10	15	29 -	32
4IJVC D2	9	7	14 -	40
5WZS D3	9	7	13 -	51
6SDS D2	10	3	15 -	62

SDS E1 - 1e Klasse

1 WZS E1	10	28	77-	12
2 Gorredijk E1	10	24	66-	17
3SDS E1	10	15	29-	32
4JV Bolsward E1	9	7	14-	40
5Balk E1	9	7	13-	51
6CVVO E2	10	3	15-	62

SDS E2 - 2e Klasse

1QVC E2	9	25	47 -	17
2Franeker SC E3	10	13	36 -	31
3Zeerobben E5	10	13	22 -	33
4Oeverzwaluwen E1	10	12	39 -	41
5SDS E2	10	11	26 -	37
6Makkum E2	9	7	20 -	31

SDS E3 - 2e Klasse

1 WZS E2	10	25	49 -	12
2LSC 1890 E3	10	19	45 -	20
3Heerenveense Boys E4	10	18	25 -	21
4DWP E2	10	16	27 -	20
5SDS E3	10	6	17 -	47
6JV Bolsward E2	10	3	19 -	62

SDS E4 - 3e Klasse

1 TOP'63 E2	8	22	46 -	9
2SDS E4	8	14	32 -	26
3 Workum E3	8	13	38 -	32
4IJVC E3	8	9	24-	42
5Oeverzwaluwen E2	8	0	20 -	51

SDS F1 - 2e Klasse

1 AVC F1	10	26	54 -	15
2SDS F1	10	20	28 -	18
3 Frisia F3	10	10	18 -	28
4Zeerobben F2	8	9	14-	21
5Be Quick D F2	9	9	21 -	42
6Franeker SC F2	9	5	19 -	30

SDS F2 - 3e Klasse

1 RES F2	10	28	48 -	7
2 Frisia F5	10	24	45 -	22
3Joure SC F4	10	13	38 -	21
4GAVC F3	10	12	33 -	37
5SDS F2	10	9	21 -	23
6Oeverzwaluwen F2	10	3	5 -	80

SDS F3 - 4e Klasse

1Joure SC F6	10	24	53 -	10
2QVC F2	10	24	42-	7
3 Frisia F8	10	19	22 -	22
4SDS F3	10	12	22-	39
5LSC 1890 F3	10	10	15 -	28
6Blauw Wit '34 F4	10	0	3 -	51

SDS F4 - 4e Klasse EI

1JVC Nylan 2000 F4	10	28	49 -	11
2Robur F1	9	16	35 -	25
3AVC F3	9	13	24 -	17
4SDS F4	10	13	18 -	28
5Zeerobben F5	10	10	11 -	31
6Harlingen F2	10	4	17-	42

Einstanden seal

SDS 1 - 2e Klasse B

1 Herauten De 1	24	56	117-	50
2 Urk zvv 2	24	48	127 -	84
3 FFSS 1	23	40	121 -	103
4 Avanti 2	24	38	112-	83
5 Heerenveen 2	23	37	83-	79
6 Exstador 1	24	36	107-	107
7 Futsal Club Leeuward 2	24	35	111-	112
8 SDS 1	24	34	93-	100
9 Golden Oldies 1	24	31	94-	95
10 Foarut 1	24	28	85-	91
11 ONT/CHZ 1	24	28	74-	93
12 Friesland 1	24	15	87-	131
13 Workum 2	22	6	44-	127

SDS 2 - 2e Klasse AD

1 Ens 1	20	48	120-	67
2 Haskerland 1	20	44	115-	79
3 Urk zvv 3	20	35	102-	84
4 Renado 1	20	30	88 -	73
5 Genemuiden SC 1	20	29	78-	75
6 WZS 1	20	25	94-	91
7 ZVVS 2	20	24	90 -	98
8 SDS 2	20	23	76-	102
9 Flevo Boys 1	20	19	84-	108
10 ZVH 1	20	17	92-	107
11 RES 1	20	8	62-	117

SDS 3 4de klasse

1 Haskerland 6	20	49	113-	53
2 Lemsterland 2	19	40	128-	81
3 Old Forward 3	20	40	130-	70
4 Langweer 1	21	40	136-	84
5 Lemsterland 3	21	38	115-	88
6 Heerenveense Boys 2	21	36	124-	92
7 FFSS 2	20	32	84-	77
8 SDS 3	21	27	84-	99
9 Haskerland 7	20	23	101-	117
10 Renado 6	18	16	55-	102
11 Balk 2	21	14	60-	137
12 Renado 5	20	0	38-	168

11 juny om 10.00 it midsimmertoernooi yn
Dronryp.
Ek SDS docht mei.
Kom allegear

Einstanden

Yn ûndersteande tabellen steane de einklassearringen van alle ploegen. De earste tabel binne de ploegen mei in hiele kompetysje. Yn kolom A stiet de einklassearring, SDS 1 en SDS 3 fiere de list grutsk oan mei harren earste plak. It oantal wedstriden (kolom C) it oantal punten (kolom D) en de doelpunten foar en tsjin yn de twa lêste twa kolommen. Wat falt er op? Gjin kampioenen by de jeugd mar wol in oantal moaie twadde plakjes.

Senioren en junioren

A	B	C	D	E	F
1	SDS 1	22	42	40	- 18
1	SDS 3	20	51	67	- 17
2	SDS B1	22	56	100	- 29
3	SDS 4	21	39	59	- 42
5	SDS B2	16	26	53	- 33
6	SDS C2	20	25	63	- 65
6	SDS C1	21	30	67	- 58
7	SDS A1	22	28	44	- 60
8	SDS C3	20	22	52	- 78
8	Futsal2	20	23	76-	102
8	SDS 2	22	26	32	- 40
8	Futsal3	21	27	84-	99
8	Futsal 1	24	34	93-	100
9	SDS 5	22	24	55	- 80



Pupillen

2	SDS E4	8	14	32	- 26
2	SDS F1	10	20	28	- 18
3	SDS E1	10	15	29	- 32
4	SDS F5	8	9	29	- 35
4	SDS F3	10	12	22	- 39
4	SDS F4	10	13	18	- 28
5	SDS E3	10	6	17	- 47
5	SDS F2	10	9	21	- 23
5	SDS D1	9	10	13	- 24
5	SDS E2	10	11	26	- 37
6	SDS D2	10	3	15	- 62



“De moaiste finale dy’t ik net sjoen ha”

Wiken hienen wij der nei útsjoen: Liverpool - AC Milan, Champions League finale yn Istanbul. Dus hienen Sicco en ik ús reade shirtsjes oan. Sjips, kola en bier op tafel. De wedstriid fan it seizoen. Nei 53 sekonden sieten wij ferbjustere op de bank. Dit koe net wier wêze. De stimming yn huize Scheltema sakke al aardich. We kankerje op Finnan en Traore die Crespo en Shevshenco lang net hâlde kinne. We skelle op Luis-Garcia dy in moaie sjitkans krijt. Harry Kewell moat der blessearre út en wij roppe yn koar: "Net Smicer, net Smicer"!! En jawol, Smicer komt deryn. Tweintich minuten letter makket Crespo de 2-0. Wij eamelje tsjinelkoar: "Die fucking Italianen spylje de wedstriid út". Fan pure ellende begjin ik de krante mar te lêzen. De soap fan Harkemase Boys. Nei de 3-0 is it genôch foar mij. "Ik gean nei boppe ta James Bond sjen" en goai der noch wat krachtermen tsjin oan. Atty hâldt har gelokkich stil. Ik hoech sels Johan Crujff út de studio net te hearen. Sicco seit: "Ik gjin op bêd". Hij mocht fan mij de hiele wedstriid sjen mar hij kin it ek net mear oan sjen. Ik lis frustrarre "Never say never again" te sjen. Reklame. Ut gewoante pak ik de ôfstânsbetsjinning en zap. Toch mar efkes sjen hoe it bij myn klup stiet tsjin die kutItalianen. Ik zap nei Ned. 2, sjoch nei it byld en dan gean myn eagen nei it bovenhoekje. 3-3??? Ik strek mij út, wat tichter nei it skerm. Wurde myn eagen minder? Ferdomme, it stiet der echt. Fol ûngeloof staar ik nei de televyzje. Dit kin net wier wêze. En toch is it sa.



Ferlenge. Ik gjin wer nei ûnderen: gruttere TV. Attie giet nei boven. Se wit hoe "onuitstaanbaar, onredelijk" en koart of ik wêze kin at it om it Nederlâns alftal, Ajax en Liverpool giet. Ik sit allinne mei in pak peuken en in fles whiskey en tink oan PSV dy't Milan alle hoeken fan it fjild sjen liet. En de Italianen wûnen.

Dan komt de foarset op Shevchenco en ik tink: der gean we. Dudek rêdt. Shevchenco yn de rebound en ik rop lûd: "Ferdomme, dêr gean we". En Dudek rêdt. "En no geane we it winnen, en no geane we it winnen" raas ik troch de

keamer. Net ien sprekt mij tsjin. Pingels. "Seedorf mar as earste" spui ik richting skerm. "Is teminste in sikkerheidsje". (Sommige dingen ferjou je nea wer). Jammer allinne dat Seedorf al wiksele wie. Dudek docht raar op de lijn en Serginho sjit oer. Wij skoare. Dudek docht raar op de lijn en pakt de pingel fan Pirlo. Wij skoare. Ik doch myn glês wer fol. Dan komt Riise en ik rop: "Gjin linkspoot!!". Hij mist. Shevchenco komt nei foaren, nimt syn oanloop, Dudek docht raar en stopt de pingel. Ik spring omheech en wol it útraze mar myn strôt sit ticht. Ik plof werom yn de stoel en sjoch ien reade massa op Dudek. Steven Gerrard, wat in oanfierder en in echte Liverpoolian, mei de beker omheech hâlde en ik fiel wat wiets op myn wang. Ik tink: net nei de studio yn Hilversum, hjir bliuwe, lit it publyk sjen. En dan ha de Turken Gerry and the Pacemakers fûn en schalt "You'll never walk alone" troch it stadion en ik snik it, steande mei myn sjaal omheech hielendal út. Liverpool Champions League winnaar 2004/ 2005.

Freddie Scheltema

Ofskie fan Wichard Deinum

Nei 16 jier aktyf west te hawwen oan de rjochter kant fan SDS 1 hat Wichard Deinum ôfskie nommen fan de ploech. Wichard hat op karakter in plak befochten yn it earste. Syn winners mentaliteit hat him holpen sich sa lang te hanthavenje op it heechste nivo fan SDS. Syn ynset, syn snelheid, syn passy en syn emoasjes hawwe fan grutte betsjutting west. At er in ôfskiedswedstryd komt witte wy net, dôchs like it ús aardich om werom te sjen oer dy 16 jier. Werom sjen is hiel maklik want Wichard hat fan alle jierren in prachtich boek byholden, mei útslaggen, standen, ferslaggen en oare nijsgjirrichheden. Echte dokuminten foar de leafhawwer.



Wy bledderen mei him de boeken troch en kamen tank oan syn herinnering en dy fan Aukje ta it folgende oersicht. (ah)

1988/1989	Wichard wurdt lid healwei it seizoen en komt fia SDS 4, 3 al gau yn SDS 2. Earste wedstryd yn SDS 2 wie tsjin ONT 2 (0-0) Wichard leard Aukje kennen.
1989/1990	4^e klasse: Wichard yn SDS 1, minne trainer, goeie sfear. Opmerkelike wedstryd SDS – Leeuwarder Zwaluwen (1-7) Trainer net mear op de bank, 3 doelmannen foelen blessearre út :Egbert, Marco, Auke Hiemstra. Wichard spile rjochtsfoar. <u>Degradeard</u>
1990/1991	1^{ste} klasse FVB: Jan Ydema nije trainer. Nije akkemodaasje. By training yn de seal diene se apekoai. Arno Eisma siet er by as keeper foar de sfear. Balk- SDS : Freddy Scheltema wereldgoal. Gjin oergong nei de haadklasse
1991/1992	1^{ste} klasse FVB: Wichard te drok mei it wurk. Fuotballet net. SDS1 wurdt mei Hielke de Vries fleanend kampioen

1992/1993	Haadklasse: 1 kear ferlern , wer in prima seizoen. Wichard fjochtet mei Gerrit en Peter om in plakje foar. Kampioen. Striid om kampioenskip fan Fryslân tsjin St Anne wurdt mei 0-3 wûn. SDS wurdt twadde op 5 bonden toernooi.
1993/1994	4^{de} klasse: Sloterdyk de nije trainer, mei boppe-oan. Lêste twa wedstriden ferlern en dêrtroch nijkompetysje. Untreastbere Wichard op foto yn Friesch Dagblad. Neikompetysje twa kear gelyk tsjin de Walde en QVC. Ôfskie Douwe Reitsma en Wouter Hylkema
1994/1995	4^{de} klasse: Op trainingskamp nei Skylge. 5 man wiene oanwêzich: Jappie, Tsjomme, Gerlof, Klaas Visser en Wichard. Wim Bakker regele wat minsken om Skylge om mei te fuotbaljen Foar Wichard it jier fan de skorsingen (5 wedstriden mist totaal) Opmerklik: "SDS stopt na dik jaar AVC trein". Sloterdyk giet fuort, Orsel nimt it efkes oer en dêrnei Klaas Dijkstra Neikompetysje: AVC (1-1) en WPB (3-0). Beslissende wedstryd tsjin it Fean: 5-1 foar SDS. Wichard skoort ien fan de doelpunten .Op nei de tredde klasse.
1995/1996	3^{de} klasse: Nei 4 wedstriden boppeoan- Doe tsjin OWIOS (7-1 ferlern) Dat seizoen 4x mei de bus. 4 x ferlern. Seizoen fan utersten. 47 foar 48 tsjin. 7 ^{de} plakje
1996/1997	2^{de} klasse: Troch ynfieren fan haadklasse wurdt 3 ^{de} klasse 2 ^{de} klasse. Klaas Dijkstra noch trainer. Wichard healwei it seizoen nei efteren. Soad nei Drinte. Neikompetysje mei de Weide en Workum. Gjin sukses
Augustus 1997	2^{de} klasse: seizoen begint mei wedstryd tsjin sc Heerenveen. Mei û.o. Ruud van Nistelrooy. Wichard spilet foar tsjin Straal en Klompe en skoort it ienige doelpunt. Geweldige erfaring
1997/1998	2^{de} klasse: Wichard wurdt oanfierder. Begjin is wer goed. 6 wedstriden 13 doelpunten. Hast in perioade.
1998/1999	2^{de} klasse: Wichard wer nei foaren. Earste dochter berne. SDS bliuwt er krekt yn. Wichard nimt strafskop tsjin Oostergo
1999/2000	2^{de} klasse: Seizoen begjin goed mei winst yn A. van der Werf toernooi. Klaas noch altiten trainer. Wichard spilet wer efter. Memorabele wedstryd tsjin VHK. 0-3 efter waaard yn it lêste heal oere 6-3. Lêste wedstryd tsjin Noordscheschut. 3-0 efter. Wurdt 3-4 en úteinlik 4-4. Wichard leit jûns briefke klear foar Aukje dy't fuort is: "wij hebben het geflikt"

2000/2001	2^{de} klasse: Kees Jansen de nije trainer. Wichard en Harm earste wedstryd op de bank. (straf foar fekansjefreugde?) Dêrnei wint SDS de folgende wedstriden. Hellet krekt net de earste perioade. Nei de winter de klad deryn. Moaiste wedstryd : SDS – Broekster Boys 3-2. Krekt gjin sukses dit seizoen. Wichard spilet 1 x foaryn en skoart tsjin Hurdegaryp de 1-0 Yn beker 4 ^{de} ronde derút tsjin 1 ^{ste} klasser ONT.
2001/2002	2^{de} klasse: soart hege útslaggen. Foar it earst wer tsjin Nijlân. Neikompetsyje om degradaasje: Tsjin Olde Veste 3-3- en 0-2 mar tsjin Bolswardia op it knollenfjild fan Workum 1-3. Degradaasje
2002/2003	3^{de} klasse: Jeugd komt er bij . Wichard gjin oanfierder mear . Spilet in soad rjochtsmidden. Neikompetsyje . Marrum en CVVO wurde oan de kant set mar Trynwâldster Boys ferslacht it te ôfwachtende SDS. (foutje Kees)
2003/2004	3^{de} klasse: Prachtich seizoen. Fuotballen nei foaren. Wiene mei Be Quick Dokkum de besten. Kwa fuotbal in tige bêst seizoen. SDS- Be Quick wie de einwedstryd . SDS fleanend nei de twadde klasse. Kampioen.
2004/2005	2^{de} klasse: Nije trainer Lyckle Bleekveld. Oare wize fan fuotbal. Wichard leart taktysk sjoen in protte. Wurdt einliks in kear man fan de wedstryd. Slut karriere ôf mei kampioenskip op fjild fan ONT wêr't it yn 1989 ek begûn is yn SDS 2.



Wichard waard tidens de wedstryd SDS- Kootstertille útroppen ta man fan de wedstryd. Dêr hie der oan de ein fan syn karriere net mear oprekkene.

Samar yn Skotlân (3)

'No de kaarten noch', dat wienen de lêste wurden fan myn column yn 'e foarige edysje fan 'e Treffer. Kaarten foar de FA-cup-final yn Cardiff. Kaarten dy't úteinlik eilaas net kamen.

It wie net sa dat der gjin plak wie yn it Millenium Stadium yn de haadstêd fan Wales, ik tocht dôchs echt dat ik in pear lege stuelen seach. Mar goed, werom sjen hat gjin sin, mar op dizze wedstriid hie ik dôchs al myn hope festige.

Undanks myn ferskeidene pogingen om kaarten foar de finale binnen te



heljen is myn missie net slagge. Ik ha myn maat (uuh ja, die keardel mei dat ferline...) noch meardere kearen oan 'e lijn han om te freegjen hoe't it der foar stie. Hy soe dwaan wat binnen syn mooglikheden lei, mar hy wie ek ôfhinklik fan syn konneksjes. Alles wie al regele, sawol it ferfoer as sliepplak. Mar it meast essentiële diel miste, en sûnder dat kinne je neat begjinne. Al mei al wie it dus in dikke streep troch de rekken foar my.

Nei sokke tsjinfallers moatte je efkes slikke en wer trochgean (fan dat ferske). It foel net mei mar ik ha de trie wer oppakke kinnen. Sadwaande ha ik no myn pylken rjochte op iets wat eins net misrinne kin. In learaar fan 'e skoalle sil ús op sneon 4 juny meinimme nei Hampden Park yn Glasgow. Dat is it stadion fan Queens Park FC wer 't de interlânwedstriid tusken Skotlân en Moldavië op it programma stiet. Dit is in

wedstriid foar kwalifikaasje foar it WK folgend jier yn it lân fan ús Oosterburen. It is no net direkt sa 'n bekinde fuotbalclub, mar der skine wol 52.000 Skotten yn it stadion te passen.

Binne je op syk nei echt fuotbalspektakel dan is dat it plak wer 't je wêze moatte. Wat je net yn 'e Cup-final fine, fine je dêr...

Helaas is dat fansels net allegearre wier, mar somtiden moatte je sa mar tinke om de eardere tsjinfallers te ferjitten. Mar



ik bin bliid dat ik dochs noch de kâns krij om hjir yn Skotlân in stadion fan binnen te besjen. Undanks it feit dat ik hoopt hie op mear.

Mar oan 'e oare kant, in feestje mei de Tartan Army hoecht ek gjin straf te



wêzen. Dit folk stiet bekind as it meast fanatike supportersdiel fan 'e Skotse anhang. Se

besykje sawol de út- as thúswedstriden fan it Skotse nasjonale team en tidens sokke uitjes hjitte se liters bier nei binnen. Kin minder soenen je sizze, mar it skynt wol dat je net it stadion ynkomme sûnder in kilt om 'e middel. No ha ik noch net sa 'n Skots kleedsje oanskaft, mar miskien moat ik der no dochs mar echt in kear oan leauwe...
Dirk Yde Sjaarda

Wedstryderslach C1

07-05-05 SDS C1 - Zeerobben C2

Dit wie de wedstriid mei in sanklapper foar Andries Brinksma. It waard mar leafst 1-4. Mei de rêst stienen we al mei 9-0 foar. Yn de earste 10 minuten like dat der net op. Zeerobben kaam der hyltiid goed út en wy moasten earst efkes goed stean. Mar nei de earste goal fan ús giet it op iens allegear fansels. De iene goal noch moaier dan de oare. Andries spil de keeper sels twa kear út en wie hjoed dé man yn foarm. Nei de rêst die bliken dat Zeerobben mar 10 man yn it fjild hie. Twa spilers oan de kant mei in blessuer. No krigen we noch mear romte. Zeerobben spile ek noch better mei 10 man. Mar de útslach fan 14-2 wie dik fertsjinne oer de hiele wedstriid. San grutte útslach kin ik my net heuge. No ien dan, út by Robur mei de D1 foar de beker foarich seizoen, wie it 1-21. De oare 7 goals waarden hjoed makke troch Doede (3), Wouter, Freek, Jarco en Wytze en alle goals waarden gruts fiert. Dit jout moed foar sneon, dan moatte we nei Harns foar de útwedstriid tsjin Zeerobben.

09-05-05 IJVC C1 – SDS C1

Op moandeitejûn nei Drylts. Hjir stienen we foar it winterskoft ek alris foar de doar, mar doe wienen hja net thús, want it wie ôflast en we hienen gjin bericht. Hjoed dan mar. Thús hienen we 2-2 spile en der moast neffens út mear yn sitte. De jonges wienen der wol aardich op klear, mar IJVC sieten der boppe op, wienen fel en spilen ek knap. Wat dat oanbelanget binne wol in bytsje gelyk. Goede tarieding, warming up en begelieding en it fersoarge spul. Us efterhoede stie aardich ûnder druk, mar se koenen it knap rêde. Wol wie it SDS dat earste skoarde. Wytze makke de goal. Yn de

rêst efkes goed prate en wat wiksels. We steane krekt op it fjild en guon jonges wienen skynber mei harren gedachten noch yn de boks, want it wie daliks nei rêst 1-1 troch in goal fan de lofterkant. Ek flak dernei sette wy goed ruk nei op de efterhoede fan IJVC. De lêste man fan IJVC rekket de bal ferkeard op de holle en kopt op de râne fan it strafskopgebiet oer de keeper hinne die útkaam wie. Andries giet efter de bal oan en skoart. Dernei binne it allegear kânsen foar ús en komt IJVC der net mear trochhinne. Andries wit noch twa kear te skoaren en makket in echte 'hatrick'. Mei allinnich it ferlies tsjin Harns bliuwe wy ûnferslein nei it winterskoft.

14-05-05 Zeerobben C2(C1?) – SDS C1

Oant en mei hjoed wie it allegear hartstikke bêst gien nei it winterskoft. Sawol mei de resultaten, de teamgeast en de wille en ynset, it wie gewoan moai om mei dizze mannen fuort. Mar jimme fiele it al oankommen. It gie wat oars as oars hjoed. Ús topskoarder moasten wy hjoed misse. Hy hie twa wike lyn al ôfsein foar hjoed. Mar op freedtejûn begûn it echt. Der soenen twa oare spilers op freed healwei 7 oere ek noch ôfsizze. As lieder ha wy dat doe net akseptearre. Fansels ha wy te krijen mei wol 8 keatsers yn C1, mar allinnich foar KNKB-wedstriden wurd it fuotbal eventueel fersetten en net foar in ledepartij. Ek de lieder binne keatsleafhawwers, mar it fuotbalseizoen moat netsjes ôfmakke wurde. Dan binne we einliks yn Harns by Zeerobben en dan komme der ek nochris 2 jonges fierstente let. Mar goed, we steane op tiid op it fjild mei in minne tarieding. We ha it swier yn de earste helte, mar hâlde de nul. Nei de

rêst komme we foar troch in wrâldgoal fan Jort. Hy nimt de bal moai op de wreef en mei in drukkende streep sjit hy hurd yn de goal fan san 17 meter. Yn de rêst hienen we it al in bytsje sjoen en yn de twadde helte krije wy it hielendal yn de gaten. Zeerobben bestiet net allinnich út spilers fan C2 mar der sitte in soad (letter wurd sein 4) spilers út C1 yn. Unsportyf en boppedat hienen se it ek noch hiel stom dien. Der rûnen twa spilers mei elk nûmer 3 op it shirt. It die dernei bliken dat it team op iens twa stipers hie, want Zeerobben spile yn twa ferskate shirts. Úteinlik ferlieze wy mei 2-1. Oan de iene kant omdat we ek net sa goed spilen, mar de frustraasje wie folle grutte om it unsportieve gedrach fan Zeerobben. Oare spilers yn C2 en grutte bekken yn it fjild rjochting grinsrjochter en begelieding fan SDS. Weardeleas allegear.

Mar ja, sels binne we miskien ek dom west troch de wedstriid wol út te spyljen en ek it formulier gewoan yn te foljen. Letter heare we dat hja deselde praktiken hienen by de B-spilers. Wat ús oanbelanget wurde de spilerskaarten gau wer ynfiert. In minne dei. En werom die Zeerobben dizze stunt? Dan koenen hja net degradearre, sei harren lieder.....

17-05-05 Harlingen C1 – SDS C1

Hjoed wer nei Harns ta, mar dan nei in fatsoenlike klup. Thús hienen we krekt ferlern fan Harns yn de lêste minút. We wienen net minder en it wie in hiele moaie en sportive pot fuotbal yn Easterein. Foarôf prate ik noch efkes mei de lieder fan de tsjinpartij en ek sprutsen we efkes oer Zeerobben. It die bliken dat it der hast de gewoante wie om soksoarte praktiken oan te hâlden. Mar hja wienen net de ienichste klup yn dizze kompetysje. Spitich dat it sa moat.

Werom nei de wedstriid. We spilen knap tsjin in hiel goed fuotbaljend en fysyk sterkere ploech. Hja komme op in 1-0 foarsprong. Mar wy krije ek kânsen en foar de rêst wurd it 1-1 troch in moai skot fan Jacob. Út wer in knappe oanfal fan lofts kom de bal foar de goal. As der op goal sketten wurd lit de keeper de bal los en Jarco kin yntikje. Dernei skoart Harns de lykmakker en mei 202 de rêst yn. We komme hyltiid mear ûnder druk en harren grutte spits waard man fan de wedstriid. Hy run samar troch ús ferdigening en spile Remco twa kear út. Mei noch in knappe frije traap fan Freek wurd it úteinlik 6-3. In moaie wedstriid mar wer gjin punten.

24-05-05 Workum C1 – SDS C1

De lêste wedstriid fan it seizoen. Der binne 4 spilers net. Trije binne op kamp (Johan, Remco, Freek) en Jort fûn dat hy buertkeatse moast. Lokkich wie C2 útspile en hienen wy Tim, Christiaan, Harm Jan (keeper) en Wytse Hein mei as ferfangers. Ek Tjipke Klaas wie hjoed mei om út noch ien kear oan it wurk te sjen. Wy wienen útspile en koenen frijút fuotbalje. Warkum net, want hja koenen, by ferlies fan Oeverzwaluwen, noch kampioen wurde. Oan de rêst ta spilen wy in hiele goede pot fuotbal. Warkum wie hastich en soe ús wol efkes ynmeitsje. Dat slagge net, mei tank oan Ewout dy twa ballen foar de doelline wei helle, hiel goed keeperswurk fan Harm Jan en in ferdigening dy hast gjin gatten falle liet. Ludze en Wytze rekken blessearre en waarden ferfongen troch Wytse Hein en Christiaan. Miskien kaam it troch de kamera's, der waarden opnamen makke fan de wedstriid troch studinten, mar it woe net sa goed mear. Letter die ek bliken dat de jonges útfuotballe wienen. It waard 4-0 en wy

ha noch ien goed kâns op in goal hân mar ús topskoarder Andries fûn 17 doelpunten wol genôch. In moai ôfsluting, al wie it dan mei ferlies yn Warkum. Yn de kantine hearden wy dat Oeverzwaluwen mei 6-0 wûn hie fan WZS. Der waarden wy ek wol wer bliid fan.

It seizoen 2004-2005 fan SDS C1

Dit wurd net in lang ferhaal hear, mar we wolle al wat saken oanhelje. As earste wolle wy alle âlders betanke foar it riden. De memmen Annie en Jeltje foar it waskjen fan de shirts en Tamme en Klaas foar it optearen derfan. Ek tank oan Tjipke Klaas Okkema, trainer fan C1. Hy hat de jonges in hiel stik foarút holpen yn it fuotbal. Hy hat se leart om as team te fuotbaljen en fertrouwen mei joen. Dat, de geweldige ynset fan de spilers en de gearwurking tusken spilers en begelieders ha fan it seizoen in aardich sukses makke. Wer it foar it (wer-te-lange) winterskoft net altyd goed gie, kaam it dernei der wol út. We ha besocht om de jonges te stimulearjen mei it jaan fan sifers tidens de wedstriid (troch lieders, âlders en taskogers). Mar wat folle better wurke kaam nei foarren yn wedstriid LSC 1890 út. Eltse kear probearje we de jonges opnij ta grutte prestaasjes te krijen, en meastal slagge dat. Mar ús mooglikheden wienen hast op. Doe ha we foar die wedstriid it folgende tsjin de jonges sein: "Tamme

hâld hjoed de wettersek fêst, Klaas de flagge, we jouwe de opstelling en fierder dogge jimme it hjoed sels mar in kear". Wat die bliken? De jonges wienen folwoeksener dan wy tocht hienen, want hja paken dizze útdaging mei beide hannen oan en spilen in geweldige wedstriid (1-4). Dernei wienen wy oant Harns ta ûnferslein (foar it winterskoft 11 en nei it winterskoft 19 punten). Al mei al ha Tamme en Klaas dit seizoen in soad genoaten wy hoopje en witte it ek wol in bytsje dat de jonges dat ek dien ha. Jonges fan C1, tige tank foar dit seizoen! Dan noch de bal! Tamme hie foar it seizoen in bal tasein oan de spiler mei it heechste oantal punten. Om't wy de lêste 5 wedstriden de punten net byhâlden hienen, moasten wy in kar meitsje. De kar is fallen op Andries Brinksma. Werom? Mei 17 doepunten topskoarder, nei it winterskoft yn topfoarm en in sportive spiler. Syn útferkiezing docht neat ôf oan de oare spilers, want eltsenien fertsjinnet de lof dy Andries no ek takomt. Doelpunten: Andries Brinksma 17, Doede Kooistra 13, Wytze Lanting 9, Freck Tichelman 8, Jacob van Wieren 7, Jarco Klaas Pompstra 4, Wouter T. Plantinga 3, Ewout de Boer 2, Jort Strikwerda 2, Johan Postma 1, eigen 1. Jonges, allegear trochfuotbalje en in soad sukses yn it nije seizoen!

Doelpunten 2004/2005

It seizoen sit er wer op en der kin konkludeard wurde dat it oantal doelpunten dat dit jier skoord is (252), aardich leger is as ferline seizoen(285). Ferrassende(?) winner is wurden Gearard Posthumus. Mei 19 doelpunten hat hy in goeie sprong foarút makke want ferline jier hie hy noch mar 11 doelpunten. Ype Tiemersma hat sneons wat mear frij en dat levere twa doelpunten mear op. SDS 5 hat neist Gearard noch in echte topskoorder: Bas de Haan. Harm Auke Dijkstra giet ek op nei de top want hy steech twa plaksjes.

Opfallende stigers binne: Anco Elgersma fan 2 nei 13 doelpunten, Jappie Wijnia van 1 nei 10 doelpunten en Willem Feenstra fan 0 nei 9 doelpunten.



1	(5)	Gerard Posthumus	IV en V	19	(11)
2	(3)	Ype Tiemersma	IV	18	(16)
3	(11)	Bas de Haan	V	16	(7)
4	(6)	Harm Auke Dijkstra	III	14	(10)
5	(2)	Hendrik de Jong	I	13	(17)
6	(8)	Pieter Kamstra	II	13	(9)
7	(37)	Anco Elgersma	III en IV	13	(2)
8	(1)	Eddy de Boer	IV	11	(20)
9	(51)	Jappie Wijnia	III	10	(1)
10	(-)	Willem Feenstra	V	9	(-)
11	(10)	Roel Sijbesma	IV	8	(8)
12	(21)	Harm Stremmer	I	7	(5)
13	(9)	Robert Sijbesma	I	7	(8)
14	(24)	Willem Wijnia	II en III	6	(5)
15	(46)	Folkert Rients Vellinga	IV	6	(2)
16	(18)	Gerlof Veldstra	V	6	(6)
17	(30)	Skelte Anema	II	5	(3)
18	(17)	Jan Stenekes	III en V	5	(6)
19	(14)	Durk Y. Sjaarda	I	4	(6)
20	(4)	Henk Postma	I en II	4	(12)
21	(-)	Ruurd Boorsma	II	4	(-)
22	(25)	Bertus Bootsma	IV	4	(5)
23	(28)	Gert Jan Hiemstra	I	3	(3)

24	(53)	Jeroen Brouwer	II	3	(1)
25	(27)	Anne Stenekes	IlenIII	3	(3)
26	(62)	Sipke Hiemstra	IV	3	(1)
27	(-)	Mark Postma	IenII	2	(-)
28	(23)	Stefan van Krimpen*	II	2	(5)
29	(31)	Gerrit Hingst	IlenIII	2	(3)
30	(52)	Jentsje Jorritsma	III	2	(1)
31	(34)	Ids Boersma	IV	2	(3)
32	(-)	Syb Overal	IV	2	(-)
33	(-)	Johannes Dotinga	V	2	(-)
34	(59)	Pieter Lieuwe vd Valk	V	2	(1)
35	(36)	Feite de Haan	I	1	(2)
36	(-)	Wichard Deinum	I	1	(-)
37	(-)	Jacob Klaas Haitzma	II	1	(-)
38	(-)	Jan Simon Jelsma	II	1	(-)
39	(-)	Gerrit Terpstra	II	1	(-)
40	(-)	Douwe Kool	III	1	(-)
41	(-)	Remco Brouwer	III	1	(-)
42	(40)	Ronny Wagenaar	III	1	(2)
43	(16)	Dennis Dijkstra	III	1	(6)
43	(47)	Frank Rijpma	III	1	(1)
44	(-)	Robert Hoekstra	III	1	(-)
45	(-)	Auke Hiemstra	III	1	(-)
46	(63)	Ype Burggraaff	IV	1	(1)
47	(-)	Ferry Duipmans	IV	1	(-)
48	(60)	Tsjalling Hoekstra	V	1	(1)
49	(-)	Bas van der Wey	V	1	(-)
50	(43)	Rudy Dijkstra	V	1	(2)
51	(33)	Rinse Joustra	V	1	(3)
52	(-)	Gerlof Jan Hofstra	V	1	(-)
53		e.d.		3	(7)

252 285

Eindstand SDS League 2^e helft 2004-2005

Eindstand	Vorige stand	Naam team:	Naam:	Voorplaats:	Week 10	Week 11	Week 12	Week 13	Totaal	Prijzen
1	1	November Hain	Gerrit Terpstra	Easterein	31	29	47	28	400	1 100,00
2	10	FC Steentje bijdragen	Immie Kamstra	Hinnaard	43	28	34	47	398	1 75,00
3	4	Sohj(n)apple	Ids de Boer	Easterein	32	14	38	34	386	1 40,00
4	6	Der PhanTom	Tom en mem	Vommels	29	26	39	35	396	1 40,00
5	9	SC Valpenteferen	Johan Delfsma	Vommels	34	26	31	40	396	1 40,00
6	2	GOD (Dennis B.)	Dirk-Yde Sjaarda	Easterein	28	26	36	29	394	1 26,00
7	7	Jelsmantan Devils	Jan Simon Jelsma	Easterein	38	14	37	34	392	1 15,00
8	3	Iceed Earth United	Ron Jansen	Dordrecht	24	29	30	26	389	1 22,00
9	8	Skrok II	Jelle de Boer	Easterein	31	18	24	30	387	1 5,00
10	5	Omheech	Minne Joustra	Vommels	22	28	43	23	385	1 2,00
11	17	Heg Ho Let's Go	Villem Vijnia	Vommels	35	21	26	39	384	1 -
12	13	Doch mar wat!	Jelte-Pieter Dijkstra	Easterein	29	24	25	36	383	1 -
13	15	Foarhinne Ponghâlder FC	Popko Vijnia	Vommels	29	27	53	33	380	1 12,00
14	11	Skelte's Greidehippers	Skelte Anema	Mantgum	23	26	31	26	375	1 -
15	16	Hammerfall City	Akke Jansen	Dordrecht	32	12	26	30	375	1 12,00
16	14	FC Kaptein	Henk Postma	Vommels	37	26	36	27	374	1 -
17	19	FC De Talenten	Feiko Broersma	Easterein	31	19	42	34	374	1 -
18	12	De Voortzetting	Samme K. Overal	Easterein	46	17	25	26	373	1 12,00
19	20	Zero Tolerance	Bas van der Weg	Easterein	39	12	23	34	373	1 18,00
20	23	Robert Sjesma	Robert Sjesma	Easterein	17	14	47	39	373	1 -
21	39	It Vereldje	Erik en Jacob-Klaas Haltsma	Vommels	37	27	40	49	368	1 12,00
22	29	Ilce en Marco	Yme Vonk	Oudega(V)	29	10	27	41	367	1 -
23	21	FC Grasmat	Erwin de Boer	Easterein	37	29	31	29	364	1 -
24	26	Duo Nooitgedagt	Annemarie en Petra	Vommels	27	27	38	33	364	1 -
25	18	Sibe's sjokkers	Sibe de Seefûgel	Skrok	25	26	36	23	363	1 24,00
26	22	Op naar de top	Marten Faber	Easterein	18	25	34	29	363	1 -
27	24	Schni Schna Schnappi	Tseard en Arnold	Vommels	37	28	34	30	363	1 -
28	27	Peter Sjesma	Peter Sjesma	Easterein	38	24	24	33	363	1 -
29	37	A.C. Njlan	Ate Feike de Boer	Vommels	32	12	41	37	359	1 -
30	31	Stand-up Speak-up	Gerlof-Jan Hoftra	Vommels	19	20	41	32	358	1 -
31	28	V.d.Kamp Sports	Okke van de Kamp	Oudega(V)	28	28	38	25	355	1 -
32	25	Eddy de Boer	Eddy de Boer	Easterein	30	25	15	22	354	1 -
33	38	It herstel	Dirk de Jong	Easterein	31	19	34	28	354	1 12,00
34	41	Pieter Kamstra	Pieter Kamstra	Hennaard	38	14	32	39	352	1 -
35	47	The Butchers	Lolke Bouma	Easterein	30	12	41	43	352	1 -
36	34	Fan de flier op 'e salder	Enne Bruinsma	Easterein	20	6	26	27	350	1 -
37	35	Imkje?	Albert Jan Kamstra	Hinnaard	19	18	30	26	349	1 -
38	32	The Mean Machine	Sybrn Vesselius	Vommels	26	18	29	24	348	1 -
39	33	Master of Reality	Hendrik Eringa	Spannum	22	21	25	25	348	1 -
40	36	OKB(Op Klompen Begonnen)	Sjouke Sjoukema	Itens	24	23	36	23	346	1 -
41	43	Oranje Nassau Groningen	Bert Geuohies	Groningen	33	20	32	35	346	1 -
42	50	FC Rambo	Syb Vesselius	Bolsward	32	21	47	37	344	1 -
43	52	FC 's Keeseningen	Cees Adema	Vommels	29	24	27	36	342	1 -
44	40	Haantje de voorste	Feite de Haan	Easterein	34	28	24	25	341	1 12,00
45	44	Easpanne	Minne Bonnema	Easterein	29	23	34	30	341	1 -
46	49	Bundy's Bogs	Sjoerd van Beem	Vommels	40	21	25	34	341	1 -
47	54	Sni, sma, Snappie	Gerard van Asselt	Easterein	25	19	33	37	340	1 -
48	46	Jeroen Droost	Jeroen Brouwer	Vommels	33	11	21	30	339	1 -
49	63	Jan	Jan van Asselt	Easterein	42	22	20	45	338	1 -
50	38	Bêst Genôch	Pieter Vesselius	Vommels	25	17	26	18	337	1 -
51	51	King of catan	Maroo Hoekstra	Easterein	34	16	24	31	337	1 -
52	42	Mirrorball	Lolke Hofstra	Vommels	27	22	25	24	335	1 -
53	65	FC Thuisfluit	Bauke Dijkstra	Easterein	31	15	34	44	335	1 -
54	45	Twadde kans	Sjoerd Postma	Vommels	31	14	18	25	334	1 -
55	53	Obersturbahnführerelsenbah	Hendrik Engbrenghof	Vommels	24	11	34	26	330	1 -
56	56	Robert Hoekstra	Robert Hoekstra	Easterein	20	22	25	27	327	1 -
57	58	Durk Okkema	Durk Okkema	Easterein	22	12	30	29	327	1 -
58	67	De Puntenspakkers	Sjoerd Postma	Vommels	26	13	38	40	327	1 -
59	48	Anne Stenekes	Anne Stenekes	Vommels	24	13	33	16	326	1 -
60	64	FC Munnaps	Bote Strikwerda	Spannum	23	11	24	33	325	1 -
61	55	Ruurd Boorsma	Ruurd Boorsma	Bolsward	31	16	24	24	324	1 -
62	59	As in speer	Jan de Jong	Easterein	18	7	31	25	323	1 12,00
63	68	Kokmeijer rules	Freddie en Sioco Scheltema	Easterein	43	13	29	38	323	1 -
64	57	Noukies	Auke Jellema	Dronrijp	24	15	28	23	322	1 -
65	60	SC Mukkes	Hage Jacob Joritsma	Vommels	29	32	30	25	321	1 12,00
66	61	FC Martzen	Rinse Joustra	Easterein	20	19	31	24	320	1 -
67	62	Kooistra Bogs	Jacco Kooistra	Easterein	13	22	29	26	320	1 -
68	69	FC Guppy's	Gep Bakker	Easterein	31	10	37	30	312	1 -
69	66	Hoe fier komt Pier?	Pier Faber	Easterein	30	24	22	23	311	1 -
70	71	Skytmerakels	Chris Postma	Vommels	15	10	29	38	307	1 -
71	70	Bark at the moon	Hendrik Eringa	Spannum	19	8	20	28	298	1 -
72	72	De Fytsemakkers	Meinte Vesselius	Vommels	19	5	22	26	296	1 -
73	73	Feenstra Bogs	Sjoerd Feenstra	Bolsward	17	20	33	26	293	1 -
74	76	No de bera mar	Rienk Viersma	Itens	22	26	34	27	284	1 -
75	77	Solo Super de Boer	Evout de Boer	Easterein	19	22	20	25	283	1 -
76	74	'k soe 't net witte	Tjeerd Dijkstra	Easterein	17	26	27	21	282	1 -
77	75	Mark Postma	Mark Postma	Vommels	15	14	25	22	281	1 -
78	78	Flizer	Tamme de Boer	Easterein	10	11	17	13	224	1 Poedel

Einstân SDS League

November Rain fan Gerrit Terpstra is de winner fan de SDS League. Sûnder in wykpriis pakt te hawwen wit hy yn it lêst de konkurrinsje knap de baas. Gerrit fan herte lokwinske!!

FC Steentje bijdragen fan Immie Kamstra waard 2e. Hjirmei is sy ek lyk de beste frou yn it klassemint.

3 ploegen eindigen as 3e. Dat binne Schj(n)appie fan Ids de Boer, Der PhanTom fan Tom Wijnia en syn mem Richt en SC Walperterfean fan Johan Delfsma.

Nei snein al in fyts wûn te hawwen by it Haadklasse-keatsen pakt Jacob-Klaas Haitma ek noch de wykpriis yn de SDS League. Hy sil dizze wykpriis al diele moatte mei syn broer Eric. Tegearre hawwe syn hun team Het Wereldje gearstald. Foar dy 6,- kin Jacob-Klaas moai bânplakkersguod keapje foar by syn nije fyts.

Hjir de nûmers 1-“3” fan de SDS League:

1. November Rain fan Gerrit Terpstra



Gerrit stie fan 'e wike as in sintsje te stralen tusken de blomkoalen fan de Jumbo.

2. FC Steentje bijdragen fan Immie Kamstra fan Hinnaerd.



Mei in 2e priis draagt de SDS League seker syn stjintsje by oan Immie har beurs.

3. Schj(n)appie fan Ids de Boer fan 't Skrok.



Op it Skrok kin de flagge út.

3. Der PhanTom fan Tom Wijnia en syn mem Richt.



Fansels gie Der PhanTom yn it lêst as in spear.

3. SC Walperterfean fan Johan Delfsma.



Johan kin it jild fêst wol brûke nei in djoere brulloft.

Hey Ho Let's Go fan Willem Wijnia foel as nûmer 11 krekt bûten de prizen. Yn it lêst moast it allegear nochris wurde. Sa as meastentiids wie dit krekt te let.

Oranje Nassau Groningen fan Bert Gechies dy it dizze edysje mar best. Foar it earst yn jierren eindige hy net by de lêste 10 mar waard hy 41e. Der is in grutte kans dat wy Oranje Nassau folgend seizoen net allinne yn de SDS League tsjinkomme mar ek by SDS 1 yn de kompetysje.

Flyer fan Tamme de Boer waard "de Poedel". Hy waard terjochte lêst mei mear as 50 punten efterstân op de nûmer ien nei lêst Mark Postma.



Tamme hat him fertsjinne!

Hjirûnder kinne jimme sjen welke spilers fan eltse klup de measte punten hie. It jout in aardige ôfspegeling fan de einranglist fan de eredivysje.

Stand	Speler:	Club	Punten
1	Lee	PSV	180
2	Kuijt	FEY	155
3	De Jong	AJA	146
4	Opdam	AZ	115
5	Yildirim	HEE	112
6	N'kufo	TWE	111
7	Kone	ROD	93
8	Arnoah	VIT	93
9	Sinouh	RKC	85
10	Cornelisse	UTR	80
11	Van der Haar	WIL	79
12	Den Ouden	ADO	74
13	Florèn	GRO	67
14	Cornelisse	NAC	67
15	Gentenaar	NEC	61
16	Hakansson	RBC	53
17	Van Beukering	GRA	47
18	Van den Ouweland	BOS	33

Hjir de opstelling fan de winner fan de SDS League:

November Rain fan Gerrit Terpstra		
	Gentenaar(NEC)	
Hansson(HEE)	Greene(RKC)	Fränkel(VIT)
	Majstorovic(TWE)	
Meerdink(AZ)	Van Bommel(PSV)	Cornelisse(NAC)
Kuijt(FEY)	Charistees(AJA)	Koné(ROD)

Wy sjogge jim graach werom by de folgende edysje fan de SDS League. Oan it begjin fan folgend seizoen kinne je der alles oer lêze yn de Treffer en fansels op ús webside; www.vv-sds.nl.

Oan 't sjen!

Groeten, Willem

SDS 2 nei Erica

As ôfslúter fan it seizoen mocht SDS 2 de bekerfinale spylje yn Erica. Mei noch 3 ploegen (Wolvega, Germanicus en ACV) moast SDS útmeitsje wa as de grutste beker krije soe. Moarns om 9.45 stapte de B-seleksje tegearre mei sa 'n 40 supporters yn de bus. Lokkich genôch wurke de airco yn de bus want it wie knap waarm. Der wienen mar 3 (Marco, Frank en Anne) dy 't net yn 'e koarte broek wienen.



*Sjoerd
soarge
foar de
kiekjes*

Oankommen yn Erica koenen de SDS 'ers lyk de lotting meimeitsje. Eltse ploech krige in nûmer.: ACV 1, SDS 2, Wolvega 3 en Germanicus 4. Tsjin ACV dus? Nee..... De nûmers 1 en 4 moasten tsjin elkoar en 2 moast tsjin 3. Om 't dizze wedstriden pas om 14.00 oere spile wurde soenen koe der earst noch 2 oeren omhongen wurde. Earst waarden de wedstriden fan de veteranen en de froulju spile. In moaie gelegenheid dus om efkes by it frouljusfuotbal te sjen. De taap gie dochs ek pas om 14.00 oere iepen.



It wie aardich waarm yn Erica

Om 14.00 oere koe SDS 2 dan eindliks los. SDS 2 begie knap tsjin Wolvega en kaam mei 1-0 foar. It wie Dennis dy 't ûnmooglik skoorde. Mei in gang as in kûgel en de bal oan 'e foet gie hy lâns de line. Willem en Skelte stienen foar de goal te wachtsjen op in foarset. Doe 't Willem ropte "twadde peal", kaam de bal der oan silen. Mei in gang as in plysje bedarre de bal by de twadde peal yn 't net, 1-0. Jammer genôch koe SDS 2 it yn de twadde helte krekt net hâlde en makke Wolvega lyk. Nei 2x20 minuten wie it noch altiten 1-1 en mochten der pingels nommen wurde. Wolvega makke se allegear en Jeroen (op 'e peal) en Tseard (pakt troch de keeper) misten foar SDS. Allinne Stefan makke syn pingel, mar dat die der al net mear ta.



Jeroen leit de bal klear foar syn pingel.

SDS koe him opmeitsjen gean foar de striid om it 3e plak tsjin Germanicus dy 't ferlern hie fan ACV. De supporters koenen harren kiel alfêst smarre want de taap wie iepen. De wedstriid tsjin Germanicus soe om 16.00 oere begjinne mar trochdat der nochal wat penaltyseries west wienen, koe SDS pas om 17.00 oere wer los.

SDS 2 wie ek yn dizze wedstriid net minder as de tsjinstanner mar koe net (reglementêr júst) skore. De hichtepunten fan de wedstriid wienen op 2 fingers te tellen. Skelte makke in knappe goal mei

de hân en Willem bleaun mei syn pink yn de broek fan syn tsjinstanner hingjen wêrtroch de broek hielendal oan braad gie.



Foar de wedstriid tsjin Germanicus waard der noch efkes oefene op pingels.

Ek nei dizze wedstriid koenen der wer pingels nommen wurde. Yn dit gefal waarden der mar wat oare spilers oanwezen om 't it tsjin Wolvegea wat mis gien wie. Ek yn dizze seary gie it al gau wer mis. Skelte knalde de bal op 'e keeper neidat Gerrit de earste makke hie en efkes letter gie ek Pieter de mist yn. Stefan wist ek dizze kear it net te finen.



Yn de cirkel wachtsje oan 't it dien is.

Dit makke fierder neat mear út want Jappie, hy wie der ynkommen foar Marten, hie gjin kans op de pingels fan Germanicus.

Sa eindige SDS 2 wat ûngelokkich as 4e sûnder ferlern te hawwen. Jeroen mocht dan ek de lytste beker fan 'e 4 as earste ophelje.



Jeroen hellet de lytste beker op.

It moaiste fan de dei moast doe noch komme; de weromreis. Fansels waard der yn de bus songen of wie de Champions League binnen helle. Dit feessie waard letter noch efkes trochsetten by Kafé

Bergsma mar dat hat hiel Easterein fêst wol heard.

(WW)



Samme en Willem krigen beide in pakketsje fan SDS 2. Willem stoppet as leider en Samme hâldt foarearst op as flagger. Klaas giet al troch as trainer.



Dizze minsken wienen allegear mei nei Erica.

*'Dat ik noch lyts bin, noch net sa grut bin, dat is wier.
Mar as ik grut bin, as ik hiel grut bin,
dan til ik heit en mem en pake en beppe samar fan 'e flier!'*

Sjirk Jetse is it leave lytse broerke fan Douwe Jan.
Jonkje fan Folkert Rients en Elbrich Vellinga-Slob

De Strânljip 6 | 8702 CP Boalsert | 0515331220

Hoera
Hjir bin ik dan
Myn namme is

Gjelt

Ik bin berne op de tweintichste fan
de blommemoanne 2005

Myn mem en heit binne
Hilde Knol en Piet Kempe

Ik bin een broerke fan
Sybren, Lisanne, Steffen en Nadine

*Ut ús
Fan ús
En dochs
Sa fansels
Dysels*

Wynserdyk 33, 8734 GE Easterein, tll. 0515-411796

Tarina Veenje fan SDS D2 hat aardich siik west. Lokkich genôch is sy no wer wat oan de betterende hân. Sy leit noch al yn it sikehûs fan Snits. It soe aardich wêze as eltsenien har efkes in kaartsje stjoere soe. Dit is it adres:

**Antonius sikehûs, kinderafdeling t.a.v. Tarina Veenje
Bolswarderbaan 1
8601 ZK Snits**

Wepperkes

Keepersdei

Jan Peter Bootsma is begjin maaie op in lannelike keepersdei west yn Rosmalen.



Jan Peter waard 3e yn syn poule en gie dêrtroch net fierder nei in folgende ronde. In goedmakker foar Jan Peter is dat hy folgend jier ien kear yn 'e wike by SC Heerenveen traine mei.

Blyn en kreupel?

Nei de wedstriid fan ôfrûne tongersdei tsjin Noordscheschut(3 reade kaarten) binne de spilers fan SDS 2 hiel wat went wat skiedsrjochters oangiet. Sneon like it op foarhân net better te wurden. Foar de wedstriid sei de skeids tsjin syn frou; "dy nije pillen binne ek net alles. Ik kin de iene poat hast net foar de oare krije". Dit like dus net best, mar hy krige it foardiel fan de twifel. Miskien hie hy wol hiele goaie eagen. Dizze hoop waard ek al gau opjûn doe 't de skeids it fjild oprûn. It reinde as it eaze en hy sei(sûnder bril op!); "sûnder bril sjoch ik neat, mar as ik mei dit waar in bril op doch dan sjoch ik hielendal neat"(???!!!!). It foel lokkich genôch allegear wat mei, want de skeids fluite in knappe pot.

Allicht

Begjin maaie waard bekend makke dat lampesaak Allicht út Snits de nije sponsor is foar de trainingspakken fan SDS 2 foar folgend jier.



1^{ste} klas kenner fan de twadde klasse K

Mei it each op de spanning yn de twadde kalsse K hiene wy fia www.vv-sds.nl in poultsje opsetten om te riden wa't kampioen, periodekampioen of degradeare soe. 40 dielnimmers wêrfan it grutste part fan oare klups (!!!) diene mei. Utleinlik die bliken dat nimmen alles goed hie. Nijlân yn de degraasjekompetysje hie hast net ien foarsjoen.

Kees Jansen is binnen

De klup fan Kees Jansen CSL hat him juster ek feilich spile yn klasse 3B. Ek foar debutant CSL dus in goed jier. Kees besiket it takem jier yn de twadde (of miskien wol earste klasse) by Blauw Wit

Lokwinsken

Fia info@vv-sds.nl krigen wy ek in oantal lokwinsken binnen troch it kampioenskip fan SDS1.

*-Wat een geweldig succes voor mijn club.
Ik kom dan wel niet vaak bij de
wedstrijden , maar volgen doe ik SDS
nog altijd.*

*Gefeliciteerd en maak er een mooi feest
van.*

Lieuwe Hoitinga: erelid

*-Spelers en begeleiders 1^e elftal,
Gefeliciteerd met het kampioenschap in
de 2^e klas en veel succes volgend jaar in
de 1^e klas.*

*Spelers en begeleiding vv Waterpoort
Boys.*

*-De z.m.v.v. Zeerobben feliciteert SDS
met het behaalde kampioenschap.
Succes in de 1e klasse!!*

*-Acht bestjoer en fansels de seleksje,
trener en leider fan it earste 11 tal fan
SDS út Easterein. Tige lokwinske mei it
kampioenskip.*

Oan't sjen.

groetnis fan

HTSmedes te G

*en Wichard Deinum: ik sil dyn posityve
en rjochtfeardige oanwêzichheid yn it
fjild misse - it giet dy goed*

*-Namens Hardegarijp van harte
gefeliciteerd met het kampioenschap!
Veel succes in de 1e klasse!!*

Groeten,

Jan Dijkstra

www.voetbalnoord.nl

Netsjes

Fuotballers goed nijs, it nije trainingsfjild
giet goed foarút.

"de Skoalleseize"

"SDS'er" om utens

Foarige wike stie der yn de Voetbal
International in artikel oer Nederlânse
fuotbaltrainers om utens. Je tinke dan lyk
oan mannen as Frank Rijkaard yn
Spanje, Leo Beenhakker op Trinidad en
Hans Westerhof yn Mexico. Dochs bliket
it dat der noch folle mear trainers út
Nederlân yn it bûtenlân sitte. Doe wy it
listje is goed beseagen kamen wy sels in
âld-SDS-trainer tsjin. Eddy van Schaick
hat sa 'n 12 jier werom in skoftke trainer
west fan de A-junioaren fan SDS. Neidat
hy by SDS west hat gie hy nei Amerika.
Dêr hat hy 10 jier west. Ynmiddels sit hy
yn Qatar(dêr wêr 't Frank en Ronald de
Boer ek sitte). Hy traint dêr All Sadd-
ûnder de 15 jier. Yn it artikel yn de VI
jout hy oan dat hy yn Qatar al de geur fan
it gêrs en it geouwehoer foar en nei in
wedstriid mist. De temperatuur yn Qatar
makket foar him in soad goed. Hy komt
allinne foar famyljebesykjes werom nei
Nederlân. Miskien hat hy dan nochris tiid
om efkes by SDS oer fuotbal te
ouwehoeren.

Wy winskje Eddy alle goeds ta dêr yn
Qatar!

Samar wat foto's





Agenda

Wannear	Hoe let	Wat	wêr
4 juny	13.00	Wâldrock!	Burgum
4 juny	17.30	VV Tzum - âld-Heerenveen	Tsjom
8 juny		Eddy de Boer wurdt 44	Terras yn ã tún
11 juny	10.00	Midsimmercup	Dronryp
11 juny	10.00	Okkema-partij (federaasje)	Easterein
13 juny		Marco Reynhoudt wurdt 32	Thús
27 juli	10.00	Jongefeinten-keatspartij	Easterein
10 aug	9.00	Freulepartij	Wommels
1 aug		Kopydatum bewarnummer	redaksje

De redaksje fan de Treffer winsket jim in prachtige fakansje ta.

Bliuw ek yn de simmer it nijs folgen fia
www-vv-sds.nl

En fansels at jim nijs hawwe,
mail nei info-vv-sds.nl